

[0422]

By *O I 166*, *O I 283* en *O II 309/323**I. stiga : sneza*

Yn *O I 166* r. 2-3 lêst Sipma *wthwijsd en(de) wteth anda sexta hael s t i g a postulaets golden(en)*. Dat *stiga* liket itselde to wêzen as *stige* yn 'e bitsjutting '20-tal', sa't *R 1* dat twaris en *R 2* it ienris hat. It wurd komt yn de Fryske oarkunden mar ien kear foar, in nuver spul, om't krekt de oarkunden optille fan tal-oantsjuttingen.

Nimme wy it hânskrift derby, dan fine wy dêr net *stiga* mar *sneza*. Sipma syn forsin is sa wûnderlik net as it liket: de *n* bistiet út twa lykoprinne halen dy't net mei elkoar forboun binne. De earste hael hat boppeoan in tin streekje, dat nei lofts rint. Beide halen hawwe liket it in lyts heakje ûnderoan dat nei rjochts giet. Sokke *n*-en binne der mear yn dat hânskrift. Sipma sjocht yn de earste hael in *t* en moat sadwaende de oare wol foar in *i* hâlde. Nou komme der yndied *t*-en fan it neamde type foar yn de oarkunden, mar net yn dit hânskrift, dêr't de bidoelde streek tige dúdlik en hast horisontael is.

De boppeste hael fan de *e* raent gear mei de boppeëin fan de boppeste hael fan de lange *z*. De ûnderste hael fan de *e* rekket de *z* dêr't de boppeste en de ûnderste hael fan dy letter by elkoar komme. It risseltaet is hwat dat liket op in *g* mei in sletten boppeëin dêr't rjochts ûnder de ûnderste hael oan fêstsit. Sa'n *g* komt yn it hânskrift fierders net foar. De ûnderste hael bigjint hjir boppe de boppeëin fan de *g* en is in trochgeande line. Yn *golden(en)* yn rigel 3 sjocht de *g* der hwat oars út, mar der is dochs in klear forskil mei hwat foar *g* oansjoen is yn in mooglik *stiga*. De *z* komt bihalven yn *sneza* twaris yn it hânskrift foar (yn *lidzen* r. 5 en yn *zoen* yn r. 15), beide kearen fan 't selde slach as yn *sneza*.

It wurd *snes*, *snees* ensfh. foar '20-tal' komt moai faek yn de oarkunden foar¹. De Nijfryske foarm is *snies*. Chr. Stapelkamp hat yndertiden sjen litten dat *stiga* amper ta de oarspronklike Fryske wurdskat hearre kin, mar yn 'e midsieuwen út 'e oanswettende Saske kriteren ynslûpt is². Hy seit yn syn bydrage ûnder mear dat *stiga* yn it Westerlauwerske Aldfrysk allinnich mar foarkomt yn *O I 166* r. 3 en yn 'e foarm *styge* yn in Mnl. tekst út Westerlauwersk Fryslân (in noch net útjowne oarkunde út 1522). Yn Mid- en Nijfrysk komt it wurd alhiel net foar. Yn it Eastfrysk fine wy it wurd trijeris yn 'e Riustringer teksten. It lettere Eastfrysk (Sealtersk) sil de bineaming ek wol hawn hawwe. Yn it Noardfrysk is it wurd net bikend. It liket hast as seach Stapelkamp *styge* yn 'e neamde Mnl. tekst oan foar in frisisme³, mar dat is neffens ús net nedich. Wol komt it wurd mar in kearmannich foar yn Nederlânske teksten út 'e 16de en de 17de ieu, mar Stapelkamp wiist dochs ek fynplakken oan út eastlik Mnl. en Nndl.

Oft nou ek *stiga* yn O I 166 r. 3 noch komt to forfallen, is der gjin hâldfêst mear foar it foarkommen fan it wurd yn it Westerlauwerske Frysk. It forsterket Stapelkamp syn ûnderstelling dat *stiga* net ta de oarspronklike Fryske taelskat heard hat.

2. *hende* : *hete(n)de*

Yn O I 283 r. 8-9 lêst Sipma: *Deer dae foghe(n)de(n) ief p(ro)curato(r)es my Ysko voerscr. weer oen jowen habbet oerhael po(n)da(me)ta landis in da sex po(n)da(me)ta la(n)dis h e n d e Auka wr land.* Hwat bitsjut *hende*? Sipma jowt yn in fuotnoat oan, it is 'aldus onduidelijk uit iets anders verbeterd'.


Sjogge wy it hânskrift der op nei, dan fine wy dat dêr *het.de* stiet. Boppe de fjirde letter stiet in nasaelstreekje. Dy fjirde letter is folroun mei inket en hat de hichte fan de *e*. Ofgeande op it skrift leit in *e* ek it meast yn 'e reden. Wy soene dus *hete(n)de* lêze wolle, hwat in goede bitsjutting jowt: *in da sex po(n)da(me)ta la(n)dis hete(n)de Auka wr land.* Mei oare wurden, mei in forbettering ha wy dêr net to krijen.

3. *faerder* - *faerde(r)a* : *Saerder* - *Saerde(r)a*


O II 309 en O II 323 geane beide oer de roal fan lânbisit (of fan de rinten fan lânbisit) tusken Tjepke (Thyepke) Boete (Botte) zoen en de Bolserter earmfôden. Neffens O II 309 sille dy fôden tonei de neijer oantsjutte rinten ynbarre op'e selde bitingsten at se foarhinne de rinten bard hawwe fan de *schoer meed jeff fa e r d e (r) a meede*⁴. Neffens O II 323 krije se *sexs pondemiete land hietende scor miede ofte fa e r d e r miede lidzende by Boelszw(er)t*⁵. It liket derop dat it yn beide gefallen om itselde bisit giet.

Hwat bitsjut dat *faer der* of *faerde(r)a*? Sipma jowt eigennammen oan mei in haedletter en hy hâldt dus sa't liket *faer der miede* en *faerde(r)a meede* net foar eigennammen. Dat er letter fan bitinken foroare is, docht bliken oan it nammeregister yn diel III, dat sawol *Faerder miede* as *Faerdera meede* jowt.


Oft dy beide wierliken plaknammen binne dan leit it yn 'e reden en forklearje *Faerder* as in eigenskipswurd dat mei it efterheaksel *-er* ôflaet is fan in plaknamme. In selsstandige plaknamme *Faerd* is ús lykwols net bikend. J. Naarding tinkt sa't it liket dat it earste lid itselde is as 'Far of Fard'⁶, in Fryske wetternamme 'zoals Joh. Winkler /.../ p. 95 aantoot'⁷. Dat kin ús lykwols net alhiel oertsjûgje. Wy fine by Winkler nammentlik dat de regelmjittige foarm net *Fard* is, mar *Far*. Allinnich by Koudum, dat in 20 km fan Boalsert ôf leit, komt neffens Winkler njonken *It Far* ek *De Fard* foar.

→ 


stiga út O. I. 166 (hjár is allinnich de rjochterhelte fan de rigels werjown, dat sadwaende rint de tekst net troch)

↓
 → 

hete(n)de út O. I. 283

↓
 → 

saerde(r)a út O. II. 309

↓
 → 

saerder út O. II. 323

Krije wy de hânskriften derby, dan fine wy dat de oannommen *f* yn beide oarkunden gjin horisontael streekje hat, d.w.s. de hânskriften hawwe in *s* en gjin *f*. Dat streekje kin yn de oarkunden ûndúdlik wêze of alhiel misse, mar by de beide skriuwers dêr't it hjir om giet, is it altyd tige dúdlik. Foar de folsleinens moat der bysein wurde dat it neamde streekje yn *O II 323* bytiden opfette wurde kin as in part fan de folgjende letter.

Wy kinne út it foargeande ek leare dat *faerder* oaninoar skreaun is en moatte sadwaende lêze *saerder* en *saerde(r)a*, dy't beide komme moatte fan in plaknamme *Saerd*. Dat komt moai út: *Saerd* is de namme fan in útbuorren fan Boalsert. De namme wurdt mear as ien kear yn de oarkunden neamd⁸. Ek de ôflieding *Saerdera* is oerlevere⁹.

Vinderen-Oslo

Anne Krohn

Noaten

1. Forl. *O I 17* r.9, *O I 45* r.11, *O I 123* r.10, *O I 126* r.11 ensfh.
2. 'Stiga, stieg, steig', yn *Us Wurk II* (1953) s. 42-44.
3. 'Het substantief *s t i g a* in de zin van twintigtal is tot nu toe in het Westerlauwers Ofri. slechts een paar maal aangetroffen, namelijk in een oorkonde van 10 Nov. 1462 (ed. P. Sipma: O.I 166, 3) /.../ en in een Mnl. tekst van een nog niet gepubliceerde oorkonde (1522) uit de collectie-Epkema (Rijks-Archief, Leeuwarden /.../)', Stapelkamp, o.w. s. 42.
4. *O II 309* r. 5 (oanhelle út Sipma).
5. *O II 323* r. 3-4 (oanhelle út Sipma).
6. Friese plaatsnamen op *-aard*, yn *Us Wurk XI* (1962) s. 49-55; sj. s. 51.
7. *Friesche naamlijst* (Leeuwarden, 1898).
8. Forl. *O I 250* dorso, *O I 287* r. 5, *O I 331* dorso, *O I 414* r. 3 en dorso, *O II 249* r. 19.
9. Forl. *O I 250* r. 5 (2 x), *O I 287* dorso.